



Neiswyljen : rym en onrym

<https://hdl.handle.net/1874/231520>

160. E. 15. 2-25

mm 010083

ZYLSTRA'S KWARTSIES BOEKERY.

V.


Neiswyljen.

RYM EN ONRYM

FEN

WALING DYKSTRA.

SNITS,
J. W. MULLER,
Firma H. Pijttersen Tzn.



160. E. 15 8

ZYLSTRA'S KWARTSIES BOEKERY.

V.

Neiswyljen.


RYM EN ONRYM

FEN

WALING DYKSTRA.



SNITS,
J. W. MULLER,
Firma H. Pijttersen Tzn.



Oer onmakke Frouljue.

Elk het hjir syn lêsten te dragen, dat is nou ienkear sa en dat kin net oars. Al sit immen ek oan 'e kop en earen ta yn 'tjild en al het ús Ljeaven Hear him dûbeld en dwers segene, der skeelt altyd in dit of in dat oan. Mannich nidige ouginstige lûbis scoe graech in hele sekfol soargen en biswieren fen oare minsken ta syn lêst nimme wolle, as er hjarren den ek it gelok en de wille, dy 't er hjarren sa heislik forgint, mar ontnimme koe. Mar witte jimme wol hwet hjir eigentlik it alderslimste is hwet men bitinke kin? As immen by al syn lêsten en hollebrekken ek yet in húskrús het, dêr 't er fen 'e moarn ta de joun mei tangele sit. Dêr is alle oare lêst gjin neamen by wirdich.

Ik wit net oft jimme âlde Geale Drabbel ek kend ha. Wol ris neamen heard, tink ik. — Nou, dy man hie sa'n himel op ierde, dy 't alderheislikst fen pik en swevel stonk. Dêr koed er in kleiliet fen Jeremyas ten ophelje. De man wier noait fen kwelling en onrêst ontlestge, sa lang er syn âld draeitreeft hawn het. Hy het my faker as ienris syn need klage. Men seit wol: twa kibje, twa skild, en dêr is ek al faek hwet fen oan, mar ik siz 't jimme, dat Geale syn âlde Heabel in heislik mâl

stik húsrie wier. Ho 't hja de âld man it libben lêstich makke het, dat kin gjin minske leauwe.

Dêr hiene jimme âlde Pabe Plat, dy gyng der oars mei to wirk. Dy siet ek opskipe mei sa'n húsdraek, dy 't by rêst en frede net aerdsje koe. Mar hy wiek ridlik liep, hy slôech der mei gekheid oer hinne of bearde dat er hjar eamelen net hearde. Mar dêr koed er hjar sa yngrimmitich mei krije, dat se der blau fen om 'e kop waerd. Dat holp hjar lykwol sahwet neat. Ik seil jimme dêr in pear stikjes fen fortelle.

Ienkear do 't Sibrich wer in ougryslík spektakel yn 'e hûs makke, -- ik wit der neat fen hwêr oer, — bigoun Pabe swietfleurich to fluitsjen fen: *Schoon Sofie, mijn engelín, Die ik zoo teer bemin*, ens. Hja waerd alhiel poer en op 't lêst roan se ta de doar út; hja woe hjar forsûpe, sei se. Hy liet hjar rinne en seach net nei hjar om, mar hy krige syn bêste hoed út it kammenet, en brocht dy by Sijke skroar, dat dy der in rouflues om sette. Do 't Sibrich oan 'e feartswâl ta wier, biredte se hjar, en do 't se wer yn 'e hûs kaem wier se alaerdich bikoelle.

»Sjuch!» sei Pabe, »nou hest my to fiter hawn, Dou woest dea, seiste niis, do tocht ik, den moat ik mar gau swart krip om myn hoed sette litte; en nou is er al by Sijke skroar. Nou moat er dêr mar gau wer wei, oars krije wy onnutte kosten.»

Sibrich woe der sels net om hinne, mar hja makke al dat de hoed gau hwer thús kaem, en sint praette hja net wer oer forsûpen.

Op in oare kear wier Sibrich ris in bytsje gammel; do miend' se sels al dat se dea-siik wier. Do die se sa'n

hele godlike dei oars neat as piizjen en simperjen, en hja wier sa heislike piperwynsk, dat Pabe faek fen kleare bare wearaksel ta de doar út roan. Mar hy moast der den dôch ek al wer yn. En den wier hja mar jimmer oan 't jeuzeljen: »Ja, Pabe, dou slachtst myn ongernak net folle acht, mar ik siz 't dy, ik kom er net wer fen op. As pinkster yn 't lân is liz ik op 't tsjerkhôf, dêr kinst op oan.»

Mar hja libbe dôch wer op en koe al skielik wer allike goed bekje en tsjetterje as tofoare, en pinkster-sneintomoarn stapte Sibrich pronkmoai nei tsjerke, sa bidêst as in fromme kristinne.

Oard'el wike nei pinkster wier der dyksforhierung yn 'e herberge. Dêr woe Pabe wol ris by sjen en do't er de doar út scoe sei Sibrich: »Honear komst jounthús?"

»Om tsien ûre, rekkenje 'k," sei er.

Mar hy foun yn 'e herberge wol aerdich selskip nei syn sin; hy rekke in bytsje oan 't plakken en 't waerd oer âlven ear 't er thús kaem. Sibrich wier mei de lilke kop tsien ûre dalik op bêd flein. Mar hja waerd net fen de nachtmerrie pleage; do 't hy ynkaem wier se gau oerein en stiek de holle troch de gerdinen.

»Is 't nou tsien ûre?" sei se finnich.

»Né, 'tis al hwet letter," sei Pabe, wyls 't er bidaerd oan 't baeitsje lœk.

»Al hwet letter?" snaude hja. »Ja, 'tis healwei toalven. Bist dou nou in kearel fen dyn wird?"

»Och heden!" sei hy, »den skeelt it yet mar oard'el ûre; is dat nou sa slim?"

»Mar oard'el ûre! neamst dou dat neat? Dat roait

ommers nen byt. Ne, dou bist gjin kearel fen dyn wird; ik leau dy noait wer."

Pabe sei: »Den hôef ik dy tominsten noait wer to leauwen. Langlêsten hest faker as ienris sein, dou scoest pinkster op 't tsjerkhôf lizze; nou binne wy oard'el wike nei pinkster en dou leist dêr yet op bêd to keffen. Dat skeelt folle mear as mei my. Dou bist ek gjin frominsk fen dyn wird."

Do wier se takocht.

Earlik krige.

Baes Hearke siet onfôech yn 't near;
Hy hie gjin jild en iten mear.
Hy sei: »Wol nimmen my hwet jaen,
Hawar! den moat de divel 't dwaen."

Syn wyfke sei: »Bidarje hwet!
En rop mar oan 'e divel net."
Hja hie 't pas sein, dêr stied er al,
De kweade. Hwet seach Hearke mâl!

De âldfeint sei: »Hwêrom ropst oan my?"—
»Omdat ik kjeld en honger lij,"
Sei baes. »Kinst dou mv helpe, maet?
Oars spring ik ljeaver yn 'e saed." —

»Nou, hwet scoe dat? Dêr fynste neat
As wetter en wollicht de dead;
Dêr is net byt to heljen, man.
Ik ha for jimme in better plan.

»As 't jild ha wotte, siz den mar
Hofolle, 'k lit oan dy de kar." —
It wyfke sei: »Wy rêdde 't wol,
Wol 'k leauwe, mei 'n healkynsen fol.

't Moat goudjild wêze en echt en goed,
Mei tsien jier like geef as hjûd.
En den bitingje 'k yette ta:
Ik wol in tige miette ha.

Us maet sei: »'t Is my goed en wol."
Hy smiet it fetsje oerrinnend fol.
Der kaem in kop op krekt sa great
As dat er him ierappels meat.

Hy sei tsjin baes: »Dat hest to lien,
En 'k scil dy sizze ho 'k it mien.
Mei saun jier freegje ik 't wer fen dy;
Den kinst mei sljuchte miette frij.

»Ik nim der ek gjin rinte fen;
Mar sljuchte miette, oars neat. Dat kin
For dy wol út, scoe 'k tinke, net?
En biste nou net haestich redt?"

It wyfke stie dy rynskens net.
Hja tocht: Dy falske divel het
Gjin goeds yn 't sin; wy moatte gau
As 't slagje wol, wer fen him ou."

Jy jouwe saun jier tiid, mynhear,"
Sei hja; »mar ha wy 't earder klear,
Den woll' jy 't fêst wol earder ha?"
Hy sei: »Ast dou dat *kinste*, — ja!"

Do helle 't wyfke in strikel gau
 En striek dêr mei 't healkynsen ou.
 't Oustritsne fandle se op en sei:
 »Hjir rêdde we ús foarearst wol mei.

»Nim 't oare mar wer mei, hawar!
 Den binn' wy lyk yn ienen mar;
 Jy habbe sljuchte miette. En nou
 De doar út, ek mar tige gau!" —

»Dêr wierste hwet to gau biredt,"
 Sei baes. Hja sei: »Dat leau ik net.
 Dat jild wier yn in jier of saun
 Forsille, — en Hantsje hie ús hawn.

»Safolle wier for ús net goed.
 Dit kinn' wy brûke sonder noed,
 Hwent earlik ha wy 't krige, oars net?
 Nou het de kweade op ús gjin fet."

Myn lytse Frjeun.

'k Hab yn in kau in aerdich dier,
 In fûgel brún en giel,
 Dy sjongt fol wille let en ier,
 Dy kin hwet mei syn kiel.

Moarns kipet de earste sinneskyn
 Sa gau net yn myn went
 En ta myn lytse keamer yn,
 Of 't frolik beest bigjint.

En middeis as 'k oan 't iten sit
 Den sjongt er mei sa'n nocht,
 't Is oft de lytse liepert wit
 Ho 'n wille my dat docht.

Sa gau ik jouns it ljocht op stek
 Bigjint er wer op nij.
 Noait wirrich wirdt syn lytse bek.
 Sa wier! dêr kin 'k net by.

En stiet my soms de mûtse n't goed
 Of sit ik yn 'e myt,
 Den jout myn lytse frjeun my moed.
 Hy sjongt en kweelt altyd.

Dat is bryk!

Wize: *Men zegt niet alles wat men weet.*

'k Wier okkerfreeds ris yn 'e stêd,
 Do stie dêr op 't Waechsplein
 In Joad fen tonge núvre glêd
 En spraeksum sonder ein.
 Dy feilde koopren ringen út
 For jicht en remetyk,
 Dy holpen yn in goed minút.
 Ik tochte, dat is bryk!

Yn Londen, Weenen en Parys
 En Amsterdam dêr gau
 Sa'n ring en tige hege priis,
 To heech for sljuchtwei ljuw.
 Mar hy — it minskdom ta geriif,
 Dat ljdt oan remetyk —
 Forkocht se for in stûr of fiif.
 Ik tochte, dat is bryk!

In wiis profester hie him stjûrd
 En tsjin him sein: Gean jou
 Troch 't lân en doch de minsken goed
 En help fen lêst hjar ou. —
 En sa genêst dy Isralyt
 Fen jicht en remetyk
 Nou sljuchtwei ljue for hast nen byt.
 Ik tochte, dat is bryk!

In kristenman, dy sljuchtwei ljuw
 Bifrijt fen sielewé,
 Moat leanne wirde tige grou
 Oars seit er dêrfor: né!
 Nou, as in Joad sa kristlik docht
 En as men 't himelryk
 Onkristlik djûr forkeapjen sjucht,
 Den siz ik: dat is bryk!

Myn bûrman sei: »Dy Joad seit hwet
 Dat ik net leauwe kin.
 Pas op jou tellen, hwent hy het
 Ousetterij yn 't sin.» —

Nou, as den 't oare wierheid is,
 Den komt it wer yn 't lyk;
 Den bin ik yn myn oardeel mis.
 Oars wier 't ek al to bryk.

Ik wie hwet gammel f'line jier.
 'k Sei: »Helje dokter gau;
 Myn ongemak is net sa swier,
 Den bin 'k er dalik ou."
 Ik krige drank, mar 't foardre neat;
 Ik bleau sahwet allyk.
 Mar 't waerd in rekken tige great.
 Ik tochte, dat is bryk!

Ik krige mei in man forskil;
 Ik miende, hy wier mis.
 'k Sei: »Nei de rjuchter mar, dy seil
 Gau sizze ho 't it is." —
 Myn bûrman lykwol redte my:
 »Hab ljeaver ongelyk,
 Oars krigest yet der kosten by."
 Ik tochte, dat is bryk!

Is help fen wize mannen sa
 Bidrôefde djûr to keap,
 Den is 't for ljue dy 't moppen ha,
 Net for de greate heap.
 Myn bûrman waerd in bytsje boas
 En jôech my gjin gelyk.
 Hy sei: »Dy dingen kinne n't oars." —
 Ik tochte, dat is bryk!

Dat mannich koalnegoasje drjuwt
 En dat kwaksalverij
 Yn alle fakken geande blijuwt,
 Is den net freamd, tinkt my.
 Dat sljuchtwei ljue nei knoeijers gean
 Dy 't opwaechse oan 'e dyk,
 En nei sa'n Joad to harkjen stean,
 Dat is den net sa bryk.

DOMINY DIVEL.

Boer Pibe siet by dominy;
 Ourekken scoen' se hâlde.
 Boer Pibe wier modern en frij,
 En doomny stiif foar 't âlde.

Sjuch, dominy hie fen dy boer
 By 't hjerst ierappels krige.
 Dêr gyng er oars tsjin 't sin ta oer,
 Mar Pibe hie se tige.

't Het ommers altyd al sa wêst,
 De geastelike ljuwe
 Ha ljeafst yn 't stoflike alles bêst.
 Dat scil wol lang sa bliuwe.

Hja hiene gau de saken dien;
 Do koe de baes 't net hirde;
 Sa'n ketters-man, sa'n grouwen ien,
 Moast efkes heuvle wirde.

»Ik sjuch jo yn 'e tsjerke net ;
 'k Moat tinke, dat myn leare
 For jo net folle wearde het ;
 Jy wolle er net nei heare."—

Boer Pibe sei: »Dat stim ik ta.
 Hwet jy de ljue fortelle ,
 Moat ik for my nen byt fen ha,
 Dêr kin 'k it sonder stelle."—

»Den binn' je ien fen dat soarte, dy
 De spot mei alles drjuwe.
 Den scille je ek," sei dominy,
 »Net oan in divel leauwe."—

»Ja, de iene scil for de oare faek
 In divel wêze kinne ;
 Mar 'k leau net oan dy âlde snaek ,
 Dêr 't follen bang fen binne."—

»Mar as dy âlde snaek , goeman ,
 By tsjuster jo ris mette",
 Sei doomny, »'k tink, jy scoene 't den
 Wol op in rinnen sette."—

»Ja, as dat barde," sei de boer ,
 »'k Liet den myn drystens farre ;
 Den snijde 'k út, de sleatten oer.
 Mar 'k leau, dat *scil* net barre."

Nei yet in poaske praten sa
 Gyng Pibeboer wer hinne.
 Do died er yet in boadskip twa
 En stôep nei hûs allinne.

Hy kaem op 'thiem, hy seach hwet stean
 Dêr tichte by de skerne;
 In lang figuer yn swarte klean.
 Hwa scoe dat wêze kinne?

De boer gyng swijend yn 'e hûs,
 En tsjin syn feinten sei er:
 »It is dêr op ús hiem net plús,
 »Dêr is in freamd strúnjeijer.

»Ik mei 't gewear gean diss' kant om,
 Oan 'e oare kant gean jimme;
 Wy moatte sa dy makkerom,
 As 't kin, to pakken nimme."—

't Waerd dien. De feint rôp ridlik gau:
 »Sjuch, sjuch! dêr glûpt er hinne!
 Boer! sjit him yn 'e poaten nou,
 Den kin er 't net ontrinne."

De swarte man naem hakken op;
 Hy koe wol hird útmjitte.
 Hy fluchte mei binaud gerop:
 »Och Godt! och Godt! net sjitte!"

Hja hearden dalik wol aan 't lûd
 Hwa 't wie. De feint rôp yette:
 »Boer! sjit den donder yn 'e hûd,
 Wy moatte er mear fen witte."—

Dat woe de boer net, mar al hie
 'r It wold, hy hie net kinnen,
 Omdat er slop fen laeitsen wie
 Om dominy syn rinnen.

Hwent doomny wie 't. Hy hie dêr stom
 For divel spylje wollen.
 In âlde toga hied er om ,
 Mei punten oer 'e holle.

Licht sizze jimme: dat wier flau!
 Nou, ik sprek for syn eare.
 In sondaer woed er bringe yn 't nau,
 En sa de man bikaere.

Dat miste 'm En nou siz ik mar:
 Wolle yen de sondaers sjitte ,
 Towyl min skript om 't heil fen hjar,
 Den scoe men 't ljeaver litte.

Oft doomny deis of wol op snein
 Soms yet for divel spilet ,
 Dat wit ik net. Wol wirdt der sein,
 Dat mâl de man soms bilet.

Mar jouns by tsjuster op 'e sjou ,
 Dat scil er net wer weagje ;
 In flinke boer koe oars him gau
 Fen langhout planken seagje.

En kaem it jimme noait yn 't sin,
 Jimm' koene 't hjir nou lêze:
 In doomny yn in toga kin
 Soms wol in divel wêze.

De Aldwive-Mounle.

Ha jimme wol ris fen Klaes Kinst heard? 't Kin heel wol wêze fen net, hwent dy man het al langer as hondert jier dea wêst. Hy wier boer to Achlum, mar hy koe ek hwet mear as sljuchtwei, oars wie syn namme net ont nou ta yn oantinken bleaun. By syn libben hiene in hopen ljue it net op him stean, hwent it sizzen wier altyd, dat er syn kinsten fen in nuvere master leard hie. Hy koe jouns as de lampe op wier, ruters en soldaten út de hirddobbe opkomme litte; hy koe de minsken op 't paed stil stean litte; hy koe mei syn boatsje yn 'e wyn op sile en onder in tille troch sonder dat er 't seil hêfde to striken of de mêst to wippen. Hy koe 't ek tongerje en waerljochtsje litte sonder dat it swier waer wier, — en hy koe yet ik wit net hwet al mear.

Dy selde Klaes Kinst het ek ris in âldwive-mounle útfoun. Dat ding wier omtrint fen bistek as in kofjemounle, mar ongelike folle greater. En den waerd der fen onderen oan draeid ynpleats fen boppe. Onder by de groun siet der in dwers-peal yn, dy koe troch twa mân-ljue yn 'e roundte skoud wirde en sa brochten se de mounle oan 't meallen. De âlde wiven waerden der boppe yn treaun, meager, krom en útlibbe, read-eagich en sonder toskan, — en hja kamen der onder wer út roljen as jonge flinke frouljue mei kleuren as roazen. As de mounle mar ienkear yn 't roun wêst hie, den wier 't klear. Den knapte en kreake 't dêr fen binnen yn op in stuit, dat it yen troch ieren en sinen gyng, — mar den wie 't wonder ek ta 'n útfier brocht. Frege men den oan sa'n frominske

dy 't dêr fornijd en forjonge, flink en feardich út de mounle stappen kaem, oft se net in ougryслиken pine útstean moatten hie, den sei se: »Hwet prate jimme fen pine? It gyng sa nochlik en aerdich yn syn wirk, alheel nuver! Omtrint op 'e selde menear as dat men moarns to wekker wirdt, as men tige swiet sliept het. As de sinne den sa moai yn 'e keamer skynt en men heart bûten doar de fûgels sa fleurich sjongen en men keart yen den yet ris om op bêd en men rekt yen ris goed út, den kin 't yen sa rjucht nochlik troch de lea gean. Nou, sa omtrint gyng 't dêr yn dy mounle ek."

Op Lytselollum onder Frjentsjer, in tûech pear ûre fen Achlum ou, wenne destiids in âld wiif, Gredske Blomkoal hiet se. Dy hearde ek fen Klaes Kinst syn wondermounle fortellen. Dat like hjar nuvere moai ta. Hja hie yn hjar fleur altyd in helder-opske wêst; do fleach se oer hikken en stekken en stie for waer noch wyn. Mar hja wie âld en strampelich wurden. Hja koe mar min sjên, hja wier bjustere hirdhearrich en hja hie gjin toskken mear yn 'e mûlle. Dat kaem hjar allegearre sa mâl oan, dat hja sei: »As 't sa moat is der neat mear oan 't libben; den wol ik ek mar allike ljeaf dea wêze." Mar do se hearde dat Klaes Kinst hjar wer jong meise koe, do wier se to hâlden noch to kearen, dêr woe se op los. Hja koe mar in bytsje hilder mear rinne as in slak krûpt, mar hja jûech hjar dôch op 'e reis. It einde omtrint allike folle as de man yn 'e moanne, hwent hja moast alle amerijen stean to hoastjen en to kocheljen, en den moast se wer in poaske yn 't gears sitte om hwet út to rêsten. Mar hja sukkele dôch sa stadich-oan foart en

kaem lang om let to Achlum by Klaes-omme hiem. De âlde hinge oer de hiemshikke út in koart swart eintsje piip to smoken.

»Goên, dei!« sei Gredske, »ik hab heard, dat se in âld minske hjir wer jong meitse kinne; dêrom bin 'k hjir hinne tein. Mar o fj! fj! hwet is dat in bloedich ein to gean, fen uzes ôf hjir hinne.«

»Hwa binne jy?« sei Klaes sonder him folle to foroarjen.

»Ik bin Gredske Blomkoal fen Lytselollum; jy scille my fêst wol ris neamen heard ha. Sa lang ik hwet koe ha 'k yet al aerlich spil út jown yn 'e wrâld. Mar 't is nou oer, as 't net wer oars kin.«

Klaes-om sei: »Ja, ik ken jo al sahwet, leau 'k; kom mar efkes yn 't milhús, Gredskemoai, den kinne jy hwet útrêste fen de reis.«

Sa woe 't âld sloof wol graech, hwent hja wier skien to'n ein. Klaes helle in great bôek foar 't ljocht, dêr naem er in lange pljimze pompier út, en dy lei er Gredske foar.

»Myn ginst! ha jy de rekken fen 't krewel al opmakke? Moat ik foarút bitelje?«

»Ei kom, hwet skeelt jo?« sei Klaes. »For dat ommeallen nim ik gjin jild. Wolle jy de feint in sechsteheal jaen, ast dien is, dat stiet oan jo; jy kinne der ek frij fen. Mar jy moatte onder op dit pompier jou namme sette, ear 't wy mei 't wirk bigjinne kinne.«

»Myn namme op dat pompier sette?« sei Gredske. »Hwet seil dat bitsjette? Moat ik faek myn siele oan 'e divel forpânje? Dat doch ik net, hear! Ik bin lang net sonder kwea, dat wit ik tige bêst, mar 'k hoopje dôch yet wol goed oan to lânjen as 'k hjir ienkear wei moat.«

Klaes lake dêr om en sei: »Wês mar net yn noed, minske, soks wirdt net fen jo ferge. Mar op disse list steane alle gekke setten en sleauwe streken oanteikene, dy 't jy jou hele libben lâns útfierd ha. Jy kinne se allegearre op 'e nûmer neisjen mei dei en datum der by. En ear 't jy nou yn 'e mounle komme om wer jong meald te wurden, moatte jy jou namme der for sette, dat jy al dy gekke setten en sleauwe streken yette ris wer dwaen scille, krekt sa 't se dêr op 't pompier steane."

Mei ien seach Klaes-om de list ris oer en sei:

»Dêr stiet yet al aerdich hwet op, Gredskemoai! Dy diveker! ja, der stiet hwet op! Fen jou sechstsiente jier ôf oan jou seis-entweintichste ta, alle dagen op syn minst ien, mar sneins stiiffêst twa of trije. Letter is 't in bytsje better wurden; mar sjuch hjir ris, mei 't bigjin fen de fjirtich jier....! Minske, minske! hwet wirdt dat in lange rekken. Hjir yn 'e lêste jierren, — nou, dat is yet al skiklik."

Gredskemoai helle in swiere sucht op en sei:

»Och, myn ljeave tiid! hwêr seil dat jongmeallen den goed for wêze?"

»Dat meije jy wol sizze," sei Klaes. »For de measten is 't suver de moeite net wirdich. It is ek al sa fier hinne, dat de mounle stiet meastal saun dagen yn 'e wike stil. Yn 't earst do 'k him hie, ha wy 't der wol fiks drok mei hawn; do jôech 't gau ris in moai bûten-kânske for de feint, mar 't seit nou neat mear."

»Mar," sei Gredske, »kin der net hwet fen dy list ôf? Der steane in stik of trije dingen op, dêr ha 'k my tige oer skamme, do 't se foarby wieren; ik wit ek wol dat ik dêr alderheislikst oer birabbe bin en 'k hie op sa'n

stuit frij hwet jaen wold as 't den ligens wêst hiene. As dy setten nou fen 'e list ôf koene. den scoe 'k it mar oannimme om dy oare allegearre wer to dwaen."

»Né," sei Klaes Kinst, »der is suver net in sierke ôf to tingjen. Jy moatte alles dwaen en oars giet it oer."

Gredskemoai bitocht hjar efkes, mar net lang. Hja sei: »Nou, skoer den dat hele stik pompier mar oan gruzeleminten, en jou wondermounle mei om my yn 'e loft fleane. Ik moat mar sjen dat ik Lytselollum wer fyn."

Hja strampele der wer op ôf. Alheel út 'e liken fen de biswierlike reis kaem se wer thús. Do de minsken hjar fen fierren oankommen seagen waerd se al wakker nijsgjirrich tomjitte sjoen.

»Heden noch ta, Gredskemoai," seijen de ljue, »jy komme~~z~~ommers krekt allyk werom as jy hinne gien binne Is 't allegearre gekheid hwet se fen dy mounle fortelle?"

Gredskemoai hoaste en kuchte en sei: »Gekheid, né, dat kin 'k just net sizze. Mar do 't der oan ta wier waerd ik eigentlyk in bytsje bang fen dat spil. Ik hab ek al sa folle wille fen 't libben hawn, dat ik wol 't der sa mar op oankomme litte. Wer jong to warden?—Nou, ik hab der mar for bitanke."

IN LOKKICH HOULIK.

Twa troude ljue dy 't altyd libje
 Yn súvre frede en noait ris kibje :
 Men tinkt , dy komme nearne foar.
 En dôch hab ik sa'n pearke kennen ;
 Twa minsken altyd iens fen sinnen ,
 Sa lang se libben mei elkoar.

Hwet de iene die mocht de oare witte,
 Hwet de iene liet woe de oare ek litte.
 Hja wieren altyd gol en grien.
 Hja lieten hjar troch elkoar liede
 En koene se elkoars winsken riede ,
 Den waerd der dalik oan foldien.

Hy wier net dwers of eigensinnich ,
 Hja wier net eamlich , stymisk of finnich ,
 It wetter roan altyd ien wei.
 Hja stjûrden fleurich al hjar dingen.
 Ta elkoars nocht hwet by to bringen,
 Dêr wieren se altyd beuzich mei.

Allyk as twa dy 't yette frije
 Hjar graech for alle flaters mije
 En dogge hjar op 't moaiste foar ,
 Sa jôech dit pear ek noait gjin bliken
 Fen knepen dy der yn hjar stiken ,
 Allinne út achting for elkoar.

Sa wier hjar hâlden en hjar dragen
 Aloan yn al hjar houliks-dagen,
 Fen de earste ûre ôf oan ta 't lêst.—
 En ho dit wonder is to leauwen?
 Hja stoar'n in wike nei hjar trouwen.
 Oars hie 't ek grif onmoglik wêst.

EFKES MIS.

Ald Sapeboer wier net to goed.
 Syn húsfroufaem, dêroer yn noed,
 Rôp dokter oan en dy mynhear
 Sei: »Nou, ik hab him gau wer klear.

»Syn ongemak is net sa slim,
 In doasfol poejer stjûr ik him,
 Dêr jaen je 'm ûrs safolle fen
 As op in stûrke lizze kin."—

Nou, dat wier goed en dat gyng oan.
 Mar de oare deis yn 'e iere moarn
 Kaem Lys by dokter gean en sei:
 »Ik leau de boer giet hjir mei wei."

»Ei né dôch!" sei de man forheard.
 »'t Stie jister mei him net forkeard.
 Hest dou him poeiers ynjown sa
 As ik it dy ornearre ha?"

»Jawis," sei Lys, de doaze is nou
 Al leech, dat wie'r al ridlik gau;
 Hwent, sjuch, in stûrke hien' wy net,
 Do ha 'k my mei fiit cinten redt."

DE GROUSUMME SKIEPPEHOEDER.

IN ALD TELTSJE.

Der wier ienkear ris in ondogense skieppehoeder, dy hiet Andries; dy bruide de skiep sa jammerdearlik, dat er alle dagen in nije skieppestôk snije moast. De earne bisten wieren banger fen him as fen de houn, al wier dy oars ek al neat better as syn baes. As Andries de skiep slôech, den waerd de raem lik en bea syn baes de hoarnen, mar dêr kaem oars neat fen as dat de raem yet mear bruijen krige as de oare skiep. Ienkear do dat beest ris wer in tige pak stokslagen op syn hûd krige, gyng er op 'e flecht de heide oer. De hoeder roan him efternei en slôech him wiles hwêr 't er him mar reitse koe. De raem roan lykwol mar foart en sa kamen se al jimmer fierder yn 'e wyldernisse. Onforhoeds kamen se foar in greate kûle, sa brêed en sa djip dat se der fen tobek skrilden en alle beide staffenaf stean bleauwen. De raem birette him lykwols net lang; mei in ougryslke sprong fleach er oer de kûle hinne. »Doch mar efkes tiid," sei Andries; »ik scil dy wol neikomme. Dou ont-rinst my net."

En hy naem in greate oanrin en sprong ek oer de kûle, mar de sprong wier him eigentlyk oer 'e meuch; hy kaem oan 'e oerkant op hannen en foetten del. En do 't er wer oerein miende to gean, do woe dat net rjucht flotsje; hwent tink ris oan! syn hannen wieren yn skiep-pepoaten foroare, en de hele fint wier sa mar in folsleine

raem wurden, alhiel allyk fen hier as dy, dy 't er efterfolge. It wier sprekking deselde raem, hy hie 't selde aerd en koerakter, deselde skieppesnùt, deselde loekkige wolle en krekt allyk sokke kromme hoarnen dy 't wûchsen wieren lyk as koarketrekke. En wyls 't de skieppehoeder sa'n foroaring ondergien hie, wier de raem ek foroare. Hy wier in skieppehoeder wurden. En nou like er op syn baes as de iene drip wetter op 'e oare; gjinien scoe oars sizze as it wier Andries sels.

»Goede frjeun,» sei de nije Andries tsjin de nije raem, »wy habbe omruile, en dou scoest licht net graech mei my werom gean wolle, ast net yn noed wierste dat de wolven dy opfrette scoene.»

De raem (hwêrom scil ik him nou oars neame, hy is ommers oars neat?) — de raem wier bang en folge de neimakke Andries, mar hy loerde jimmer skean nei de skieppestôk, dy 't út syn hannen yn de nije harder sines oergien wier. Dy sei: »Wês mar net bang; ik ha foar my nomd om dy dyn plicht to learen, en ik scil wol oppasse dat 'k sa net doch lyk ast dou dieste. Ast dou dy goed hâldste scil ik ek goed for dy wêze.»

Nou, hwet scoe de raem dwaen? Hy moast him mar onder syn trurich lot deljaen. Hwet scoe 't him holpen ha, him tsjin de straffe, dy 't him oerkomd wier, to forsetten? Hy koe dat ek net ienris dwaen; hy koe oars neat as »mae» roppe, en dat wier al in onnoazel bytsje, oars net? Nou, sa blettere er ek do 't er de skiep en de lammen wer seach, en dy fen hjar kant bletteren allike lûd fen bliidskip do 't se him wer seagen.

Do 't de skiep de jouns yn 't doarp werom kamen waerd Andries syn folk der neat fen wys hwet der eigent-

lyk mei him bard wier. It kaem hjar wol hwet frjeamd oan dat hjar soan sa stil en froed en folle ynskikliker wier, as de moarns do 't er nei 't fjild gyng. Syn mem wist net ho nochlik dat hjar oankaem; hja sei: »Andries is oars altyd sa finnich en koartkearich as in kalkoenske hoanne en nou is er sa seaft en dimmen as in laem.”

De raem dêr tsjinoer wier yette allike koppich en likk en dwers as do 't er skieppehoeder wier. Do 't er earst in bytsje fen syn earste alteraesje bikomd wier, sei er yn syn skieppetael tsjin syn baes, — dy 't de ienigste to wrâld wier dy 't him forstean koe: »Doch mei my hwetst wotte, mar dit siz ik dy: goedwillich jou 'k my net onder myn !ot del, it selde hwet der my fen oer-komme mei.”

»Dou scit dy der wol onder deljaen m o a t t e,” sei de hoeder. »En ast dwers biste, den scil ik dy sa lang de hûd wol terskje datst op 't lêst bigjinst to mienen dat peaske en pinkster op ien dei komt. — Kenst dat ding wol?” — Dêr by hâlde er him de stôk foar de noas.

»Om in hûd fol bruijen jou 'k neat, en hwet scoest my oars dwaen kinne?” sei de dwerskop.

»Mienst dat 'k dy oars neat dwaen kin? sei de hoeder Ik kin dy de hals útsnije en dy slachtsje.”

Dêr gyng 't de raem kâld fen oer 'e lea, howol er syn hele winterpak yet oan hie, en de skeartiid yet net efter de rêch. Hy sei gjin wird mear, mar bigoun swiet mei de skiep to gêrskjen. Och, hwet wie er yn syn nij pak earmelytse. En dôch waerd er tige goed en seaft bihânele. Ienkear woe de houn him bite, mar do krige dy fen de goede Andries hwet mei de stôk. Dat foun de

raem tige bêst en goed, nou 't hy de raem en de raem skieppehoeder wie.

As er jouns fen 'e heide yn 't doarp kaem den wier him faek it paed nei 't skieppehok forgetten. Ienkear roan er yn gedachten wei by syn âlden yn 'e hûs; faek bleau er foar de doar stean en blettere trurich; den aike him faek de iene of de oare de kop of joech him in stikje brea. Rysonder hinge er oan syn mem; hy kipe hjar faek sa nuverich oan, krekt oft er sizze woe: »Och mem, as jy 't ris wisten! Kenne jy den jou Andries net meer?« — Mar ho scoe de âld frou dêr op sinne kinne? Kaem Andries de skieppehoeder, den wie 't hwet oars, den praette hja mei him en wier freunlik en goed lyk as in mem dat altyd is. Dêr stie den de earne raem by en koe 't op 't lêst net mear útstean, mar roun foart mei de triennen yn 'e eagen.

Ik bin folle ongelokkiger as in skiep, sei er ienkear tsjin syn baes; hwent hwet my it slimste pineget, dat is 't oantinken oan myn foarige tiid.«

»Dat wol 'k wol leauwe,« sei de hoeder. »Bitink mar ris host my en de oare skiep wol bruid heste. Wy earne bisten wieren yn dyn macht en dou hiest gjin hert for ús en forgeatste datst ek ienkear for God dêr rekenskip fen to dwaen hieste; hwent wy binne allike goed syn krejeturen as de minsken.»

De raem bigoun yn to sjen dat er for syn grousumens tsjin de bisten wol straffe fortsjinne hie. Hy sei tsjin Andries: »Witst ek honear myn strffe ophâlde seil?«

»Aste 't safier bringe kinste, datst der banger fen biste wer yn dyn âld kwea to forfallen, ast wer minske wirdste, as dêrfor as raem to stearren.»

»Och heden!« sei er, »dat scil yet in poaske dûrje, ear 't ik safolle bettere bin!«

Dyn biskiedenheid en froedens dogge my oan," sei de hoeder. »Ast oan my stie, dan scoest hjûd de dei yette wer foroare wirde. Mar ik kin dêr neat oan dwaen. Dôch wol ik for dy dwaen hwet ik kin, dêr kinst op oan."

Dat wier goed miend, dat blykte de oare deis do 't se wer op 'e heide kamen. Do sei de hoeder: »Dyn heit sei fen 'e moarn: »Ik wol dy raem net to lang rinne litte, den wirdt it flesk op 't lêst sa taei dat gjin minske 't ite kin. Ik wol him moarn mar slachtsje. Lit him moarnier mar yn 't hok bliuwe."

»Hwette!" rôp de raem en trille oer al syn lea, »moarn stjerre, en dat troch de hannen fen myn eigen heit?"

»Wês mar net to fel oerstjûr, myn jonge. Ik wit yet in goede ried for dy. Joun as wy thús komme, mast foar de âlde op 'e knibbels falle en trije kear tige trurich bletterje; licht docht him dat safolle oan dat er dy libje lit."

De raem die hwet de hoeder him oanret hie. Do se thús kamen stie syn heit by de efterdoar; hy gyng earmhertich op 'e âlde ta, foel op 'e knibbels en blettere trije kear sa weamoedich, dat it net to biskrjuwen is.

»Dat is frijemd!" sei de man. »k Leau wrachtich dat dat dier tsjoene kin. Hy het redt dat ik him slachtsje wol en nou bidt er om syn libben. Nou, ik scil him yet in poaske rinne litte.«

De oare deis bitanke de raem yn syn skieppetael de hoeder en do sei dy: »Hwet ik dy nou to sizzen hab is net folle better as dat fen jister. Jisterjoun nei iten frege dyn mem my oft ik 't Wouters Leen yet altyd goed

miende. Ik wist net hwet ik dêrop sizze scoe, hwent dou hest my noait in wird fen dyn frijerij sein. Ik sei mar gau: »Nou ja, dat 's fen sels.«

»Dat hest goed makke,« sei de raem, »ik tankje dy der for. Ja, ik mien it hjar yette goed en 't komt my foar, nou 'k sa likk en mâl net mear bin as 'k wêst ha, nou mien ik 't hjar yette better as tofoare.«

Andries sei: »Dyn mem sei: Leen scoe dy licht net ha wolle út freze datst hjar ek bruije scoeste lyk ast de skiep dochste. Nou hie de âld frou fornômd dat Douwe Pabes by Leen wêst hie, en do is se nei hjar ta gien en het hjar sein, datst dou dy alheel foroare heste en lang sa likk en wreed net mear biste ast wol wêst heste.«

»Den het ús mem de wierheid sein sonder 't sels to witten,« sei de raem. »Och, myn goede mem! Ik bin nou ommers mar in earm dier, hoe scoe 'k nou Leen haegje kinne?«

»Hwet scil men dêroan dwaen?« sei de hoeder. »Mar hark ris! der komt my hwet yn 't sin. Wy moatte to-gearre nei Leen ta. Den scil ik dy fragen dwaen en dou mast mei skodholjen en knikken ja of né sizze op myn fragen. Den scil Leen forwondere stean oer dyn snoadens en my forsijkje, om hjar dy presint to jaen. Den siz ik, dat wol 'k wol dwaen, onder bitingst, dat se dy net forkeapje of weijaen of slachtsje mei. Dat scil hja wol onthjitte wolle, en ast den hjarres biste scil hja dy ek wol fragen dwaen en den mast hjar sokke antwirden jaen, dat se fen Douwe Pabes ou sjucht.«

De raem die fen bliidskip in loftsprong fen wol seis foet heech, en yet dy selde deis gyng er mei syn hoeder nei Wouters Leen. Do se by hjar âlders hûs oankamen

siet hja allinne bûten doar. Andries spriek hjar frjûnlik oan en sei: »Leen, ik wit dat ús mem mei dy praten het en dy forhelle, dat ik my tige foroare ha. Dou scoest lykwol tinke kinne dat dat net wier is, dêrom kom ik hjir mei dit stomme dier; dêr scitte fêst gjin wantrouwen op ha. Ik scil him hjir yn dyn bywêzen freegje, den scil hy antwird jaen en den mast dou mar witte host oer my tinke wotte!"

De jongfaem seach de raem binjld oan en hja forwondere hjar danich do Andries mei him bigoun to petearjen lyk as hjir folget:

»Is 't wier, heite, dat Andries yette koart lyn in skieppebeul wier, dy 't faek sonder redende skiep slôech, de lamkes onbarmhertich bihânnele en de raem mannich kear de hûd toude?

De raem knikte earnstich en oerlangsum, krekt of it him leed die en seach Leen trurich oan, krekt oft er hjar for Andries om genade bidde woe.

»Is 't wier dat er him yn 'e lêste tiid alheel foroare het en nou sa goed is as er tofoare forkeard wie?"

De raem wachte nauwerneed sa lang as dy frage út wie; hy knikte fleurich mei de kop.

»Is 't wier, dat Andries it Leentsje tige goed mient?"

De raem knikte twakear, dat sizze woe: »Ja! Ja!"

»Is 't wier dat hja mei him lokkiger libje scil as mei in oaren?"

»Ja! ja!"

»Moat se den sonder langer birie mar gau mei him trouwe?"

Né! né!"

Dérop bigoun Leen to laeitsen.

»Wel, dou onnoazel beest!" sei de neimakke Andries,
»Honear moat se den trouwe? Mei seis wike?

»Né!"

»Mei in jier?"

»Né!"

»Dom dier aste biste! Moat se den dyn tastimming
ouwachtsje -"

»Ja! ja!" wier 't antwird, en dêr laei safolle utering
yn, dat Leen der suver oars fen waard. »Bûrfeint," sei
se, »ik hab in foarstel. Dou mienste 't my goed, seiste;
jou my dêr in biwys fen en forearje my disse raem. Dy
liket tige snoad to wêzen; den wol ik him yette ris
allinne om rie freegje."

De hoeder willige hjar forsiik dalik yn, onder bitingst
dat hja it goede dier altyd by hjar hâlde moast."

»Dat wol ik graech onthjitte", sei Leen, en streak
't beest mei de hân oer de foarholle. »Myn bêst beest,"
sei se, »ik scil tige op dy passe en dou scit net yn 'e
hannen fen in slachter forfalle."

Wyls 't hja praette makke de raem in deftich kom-
plimint, krekt oft er hjar bitankje woe. Mei ien die
hja in útrop fen kjeltme. It wier net mear de raem dy
't hja foar hjar hie, — mar Andries, Andries sels, de
wiere wrachtige Andries.

»Hwêr is de raem?" rôp it baer ontstelde fanke.

»Mae!" rôp ien efter hjar, en do 't se omseach stie de
raem dêr, de wiere wrachtige raem.

Andries, dy 't nou wer wie hwet er tofoare wêst hie,
mei dit onderskie, dat er nou seaft fen aerd wier, —
fortelde hjar alles hwet him oerkomd wier.

Koart dêrnei hâlden se brilloft. En Leentsje kaem

hjar onthjit nei; hja hâlde de raem en liet him libje sa lang dat er syn eigen dead stoar.

Wol immen dat net ljeafst ondergean hwet Andries ondergean moast, den ried ik him oan, mei 't onnoazele fé goed en barmhertich om te gean; hwent in beest is Gods krejetuer allike goed as immen sels.

DE ALDFEINT.

Dou hest in bulte minsken sjoen

En ek in hopen leard.

In man fen jild biste en fetsoen,

Dêrom wirdst achte en eard.

En dôch dou likest koel en kâld;

Dou hest gjin oanhâld yn 'e wrâld,

Dou hearst gjin minske op ierde ta:

In wyfke moaste ha!

Dou krigest al beskimle hier,

To mûk brûkst al in bril.

Dou hest to wrâld gjin wille en tier,

Dou libbest altyd slil.

Dyn bêste tiid is dy ontkomd.

Hwêrom hest net in wyfke nomd?

For dy is 't bonte libben swart;

Dy treastget gjin trou hert.

Dou bist for alles kâld as stien.

My tinkt, dou hest dy sels

Allinne ljeaf, en oars gjin ien:

Mar dyn bigryp rint kwels.

Dou tinkst : ik bin myn eigen baes ;
 Mar bljuwst dêrby in greate dwaes.
 Dou stelst dy foar, de houliksteat
 Is kleare lêst, oars neat.

Of hest by alle fammen net
 Dyn rjuchte hertlap foun ?
 Of hest dy al to lang bired ,
 Of faek in blauke roan ?
 Of tochst , as ien hwet grappen hie,
 Dat dat mar gek-oanstekken wie ?
 Of wierst to bang faek as in faem
 Dy fjuensk op healwei kaem ?

Of het de dead dy ien ontnomd ,
 Dy 't alles wier for dy ?
 En bist der dêrom noait ta komd
 To frijen wer op nij ?
 Bluwt dat dy by ont hjûd de dei ?
 En naemst dy dat sa bare nei ,
 En hest licht dêrom ta dyn ein
 De trouwerij forsein ?

DE ALDFEINT.

It ljeaffend hert dat ik forlear ,
 Dat 'k noait ontrou befoun ,
 Dat ik biminde oprjucht en tear,
 Leit lang al yn 'e groun.
 Do foun ik letter yet ris ien ,
 Dat , miende 'k, wier in edelstien;
 Mar hwet ik oansjoen hie for goud
 Wier neat as — rottich hout.

Do wier my 't frijen glêd forgien.
 Ik naem in fêst bislút:
 Nou nim ik ljeaver mar gjin ien,
 Ik skied mei 't frijen út.
 'k Wier dêrom yet net kâld en koel,
 'k Seach faek in faem dy 't my bifoel,
 Mar 'k draeide dêr myn eagen ou.
 Aldfeint bljuwt Ealse nou.

En riedt my immen: »Nim in wiif!
 Dat is dôch fierwei bêst.»—
 Ik siz: bljuw my mei soks fen 't liif,
 Hwent myn bislút stiet fêst.
 Ik bljuw âldfeint myn libben lang,
 Fen trouwen bin 'k as fjiûr sa bang.
 Gjinn frominsk het mear fet op my;
 Ik bljuw allinne en frij.

DE ALDFAEM.

Och hea! nou nimt my nimmen mear;
 Ik bin al fjirtich jier.
 Myn fel krijt folle fen âld lear
 En griis wirdt al myn hier.
 Forhinne seach elkien nei my,
 Ik wier ten seizen klear.
 Mar dat is oer en glêd foarby,
 Ik ha gjin hope mear.

Do krige 'k frijers twa by twa;
 Mar al dy dy drokte is dien.
 Do woene se allegear my ha,
 Nou taelt nei my gjin ien.
 Do hie'k mei mannich feint de gek,
 Dy 't gading makke oan my.
 Nou merk ik soms gegek-oanstek
 As 'k feinten gean foarby.

Do tilde 'k yette swier oer neat
 En 'k tocht om gjin fortriet;
 Ik achte my ta folle yn steat;
 Ik song it heechste liet.
 'k Wier gnap fen troanje en kreas fen lea,
 Mei pronkjen die'k myn bêst.
 Ik wier de moaiste faem fen 't gea,
 Dat leaude'k sels for fêst.

Dy tiid fen wille en tier is foart,
 Dy skoane jonge tiid.
 Nou is gjin sjongen my om 't hert;
 Ik bin mar selde bliid.
 Ik ha wol trouwe kind, mar fj!
 Ik ha to keken wêst.
 O, fammen! nim in les oan my:
 It ein dat draecht de lêst.

Och ljeave ginst! hwa leaude 't do,
 Dat al myn fleur en tier
 Sa mar onnut forwylje scoe;
 Dat ik sa moai en blier,

Foarby scoe reitse fen in man ,
 Wyls't mannich lik postjûr
 Ien krjît ? Safolle wit men fan
 Dat rêd fen aventûr.

WIRK FORGEES.

»Och heargen ! dit giet al to grou,"
 Sei Baeje , in krepe boargerfrou ,
 Tsjin Lys , hjar nije faem ;
 »Dou skûtelwaskest ommers net ;
 Dou hest it spil der hinne set
 Sa 't fen 'e tafel kaem.

»Dit roait nou ommers nearne nei !
 Ik tochte , sonder dat 'k it sei ,
 Datst dat stilswijend dieste.
 Dou neamst nou al it wirk wer dien:
 Mar gau dy smoarge pannen skien ,
 Earst nochlik sitten gieste."—

Mar Lysbet sei ; »Och hea noch ta !
 Hwet ha je in sok. Ik tochte sa:
 Dat hêfde net altiten.
 Neam' jy dy pannen smoarrich , frou ?
 Dat sizzen is to raer fen jo ;
 Ha wy den smoargens iten ?"—

SANGKJE

Om to sjongen by in Hidriders-pret.

WIZE: *Mijn Victoria.* Of: *'t Is fen Adam komd.*

Kom Friezen ! jou de winter eare ,
 Wy krije nou wer nije moed.
 Hy mocht ús faek de rêch takeare ,
 Nou mient er 't wer ris tige goed.
 Wy kinne wer ús skonken reppe ,
 Der lizze balken onder 't iis.
 Lit elk nou mar om hirdens skreppe ,
 Ut kriich of om in earepriis.
 Ja , de riderij , Ja , de riderij
 Op 'e fryske trant forearje wy.
 Ja , de riderij , Ja , de riderij
 Op it frysk forearje wy.

 It riden is de rom der Friezen ;
 De namme dy 't hjir jimmer hie ,
 Dy moat it nintertiid forlieze.
 Wy steure ús net oan frjemde lie.
 Wy hâlde net fen hjar krewellen ,
 Wy ride nei ús lânsmenear
 Yn streken fen twa , trije jellen
 En dêryn stelle wy in ear.
 Ja , de riderij , enz.

 De riders dy 't hjir prizen winne ,
 Dy binne yette lang net min ;
 Dy 't hjar biskamme meitse kinne ,
 Dy libje er , och , sa bare tin.

Wy sjugge 't nou wer alle dagen ,
 De fryske riders binn' hwet mûns.
 Op sokke mannen rom to dragen ,
 Dat kin der sikerwier wol lâns.
 Ja , de riderij , Ja , de riderij
 Op 'e fryske trant forearje wy.
 Ja , de riderij , Ja , de riderij
 Op it frysk forearje wy.

SANGKJE FOR IN KEATSFEEST.

WIZE: *Do't pake yet feint wier en beppe yet faem.*

Wy ha wer in keatsfeest op 'e âlde menear ,
 Nou sjonge wy bliid ta de keatsers hjar ear.

Hja makken it hjûd
 Sa nuvere goed ;

It keatsen forfalt net , ha dêroer gjin noed.
 De ballen dy fleagen , it wier alheel swiid;
 De keatsers dy skripten , 't wie suver in striid.

Nou , as men dat sjucht ,
 Dat is dôch in nocht.

In kinstener is 't dy 't it keatsen sa docht.
 Ja , Fryslân het keatsers , dy kinne er hwet mei ,
 En de âldfryske dregens is yette net wei.

Dat stiet ús wol oan ,
 Dat haget ús skoan ,

Dat seit ús , it folk is yet lang net bidoarn.
 Nou sjonge wy : Mannen fen ear en fen rom !
 Kom takomm' jier , as jimme kinne , werom.

Jim dogge 't sa goed ,
 O , mannen fol moed !

Bliuw soun en bliuw kreftich altyd lyk as hjûd.

HO 'T IN DROOM NEIKAEM.

Yn 't lytse húske wennen

Baes Jodzert en Tryn Sûr.

Baes Jodzert stie foar 't finster

En Nynke stie by 't fjûr.

Baes Jodzert smoakte in pypke

En Nynke rearde brij.

Hy sei: »Ik gean to fiskjen.»

En hja rôp út: »O fij!»

»Ja," sei er, »'k wol ris fiskje." —

»Och Heare!" rôp hja wer.

En do sei baes: »Hwet skeelt dy?

Hest hinder hjir of dêr?" —

»Né," sei se, »mar 'k wol leauwe,

Dat dit forkeard bislacht;

Ik hab oer dy sa bjuster

En aeklik droomd fennacht.

»Ik seach twa freamde mânljue,

Dy brochten my myn man

For dea hjir yn 'e keamer.

Dêr skilde 'k wekker fan.

Do hearde 'k hounen gûlen

En oare tsjirmerij.

Ik bin net bygelovich;

Mar bljuw hjûd thús by my!"

— »Dou bist net bygelovich,

Mar scoeste 't wirde frou,"

Sei baes, »as ik dyn syn die,

En dêrom gean ik nou.

»'t Is hearlik waer to fiskjen ;

Hwa wit ho 't bite wol !

'k Wol leauwe , ik kom mei 'n âre

Wer thús mei 'n netsjefol." —

En baes gyng mei syn angel

Der út en sei : »Goe moarn !"

Tryn koe net prate en seach him

Mismoedich efteroan.

't Waerd iterstiid ; 't waerd jountiid ,

Mar baes kaem net werom.

Tryn wier yn tûzen noeden ;

Hja hie 't mar lang net rom.

Hja roan troch 't hûs to skriemen.

»Och , hie er my mar leaun !

Nou is er grif fordronken ,

Oars wie 'r sa lang net bleaun." —

Hja heart hwet op 'e strjitte.

»Dêr is er , leau 'k," sei Tryn.

Twa mânljue kamen laeitsjend

By hjar de keamer yn.

»Joun frou ! hjir ha je 'n soadtsje.

It stiet mei Jodzert min ;

Hy is sa dronken , dat er

Gjin foet forsette kin." —

Hja smieten him der hinne

En gyngen do hjar wei.

En Nynke rôp : »Och , Heare !

Sa komt myn dreamjen nei." —



Y n h â l d :

	Blêds.
Oer onmakke Frouljue	3.
Earlik krige	6.
Myn lytse Frjeun	8.
Dat is bryk!	9.
Dominy Divel	12.
De Aldwive-Mounle	16.
In lokkich Houlik	21.
Efkes mis	22.
De grousumme Skieppehoeder	23.
De Aldfeint	31.
De Aldfaem	33.
Wirk forgees	35.
Sangkje om to sjongen by in Hirdriders-pret	36.
Sangkje for in Keatsfeest	37.
Ho't in Droom neikaem	38.